LEEUWARDER COURANT

24 maart 2012 , pag. 7

# Frysk ferbean?

Ik seach op 20 maart foar Hjoed op Omrop Fryslân in reportaazje dêr't lokaasje-direkteur Holvast fan it Lauwerskolleezje yn Kollum yn ferklearret dat it brûken fan it Frysk de oarsaak wêze soe fan it minne Hollânsk fan learlingen as se fan de basisskoalle ôfkomme. Hy wol tenei it brûken fan it Frysk ûnder de lessen ferbiede. Út alle ûndersiken docht bliken dat it krekt oarsom is, it is goed foar de taalûntjouwing fan bern dat se Frysk kenne! Dêrom is de trijetalige skoalle mei les yn Frysk, Hollânsk en Ingelsk, sa't dy't no op ferskate plakken ynfierd wurdt, ek sa geunstich foar de taalûntjouwing. De wiere oarsaak foar it minne nivo fan it Hollânsk is de minne kwaliteit fan it ûnderwiis op de basisskoallen as sadanich. As ûnderwiislju as Holvast harren sin krije, wurdt it Frysk tenei ferbean op skoallen, sawol foar ûnderwizers as learlingen. Dat soe de deastek foar it Frysk betsjutte. It is ûnfoarstelber dat Omrop Fryslân krityklеas Holvast dizze ûnsin útkreame lit sûnder in wjerwurd. Sterker noch, de ferslachjouster gong troch mei in Kollummer learling oan te trunen tenei mear Hollânsk te praten (ynstee fan Frysk). Dit is Omrop Fryslân ûnweardich!

Jehannes Elzinga. Frjentsjer